# Sipke leert fierljeppen
# Sipke leart fierljeppen

*Tekst:*
LIDA DIJKSTRA

*Illustraties:*
HARMEN VAN STRAATEN



afûk
EEN LUXE GOUDEN BOEKJE
RUBINSTEIN

*Fiif jonge fierljeppers steane klear*
*foar it nije ljepseizoen.*
*Har coach is pake Pipermûs.*
*Oait wie er kampioen.*



*Vijf jonge fierljeppers staan klaar*
*voor het nieuwe springseizoen.*
*Hun coach is opa Spitsmuis.*
*Ooit was hij kampioen.*





*‘Spring yn it sân,’ seit pake kalm.*
*‘Moai, Sipke! Noch in kear!*
*Wa’t wit hoe’t er goed falle moat,*
*dy docht him minder sear.’*

*‘Spring in het zand,’ zegt opa kalm.*
*‘Mooi, Sipke! Nog een keer!*
*Wie weet hoe hij moet vallen,*
*die doet zich minder zeer.’*





*Se hingje oan de ynspringpeal.*
*Dan meie se op de skâns.*
*'Wa wol as earste mei de pols?'*
*'Ik!' Hotske grypt har kâns.*



*Ze hangen aan de inspringpaal,*
*dan mogen ze op de schans.*
*'Wie wil als eerste met de pols?'*
*'Ik!' Hotske grijpt haar kans.*

*In binnenbantsje bynt se stevich*
*om har rjochterfoet.*
*Se springt, se klimt, komt prachtich del!*
*Wat ljept dy Hotske goed!*

*Een strookje fietsband bindt ze stevig*
*om haar rechtervoet.*
*Ze springt, ze klimt, komt prachtig neer!*
*Wat ljept die Hotske goed!*

